

FEANHOOP & LOVE

In Memoriam Tsjisse Hettema, De Feanhoop, simmer '21

it ljocht liket mar in lyts stipke
yn it grutte tsjuster

mar as de tsjustere matearje fan ús eigen Molkwei
in namme krije moast,
soe it dan de Poeiermolkwei hjitte meie?
tink ik as ik ûnder de elzebeammen weistap,
in lyts swart bosk tsjin middernacht, op nei de Drachtster Heawei
soe er noch komme, myn gast?

de hiele dei rein en sjongende wolken, hjerst yn de simmer
leaver as bier soe ik poeiermolke drinke

ik sjoch beide kanten út, in einleaze leane, inkeld ris ljochtet in iensum
finster op,
mar gjin koplampeljocht

dichtsje is dreame, dreame is dichtsjje, is in dream fan taal
of soe er op de fyts komme?

sa rin ik nei de arke werom, oan it petgat ûnder de elzen
hûske fan hout en skriuwers

de lampe brânt
der komme libellen op ôf
en dan de ûlen

de tiid is koart
ik begjin te skriuwen

ik begjin te skriuwen en dêr sit er al, Tsi Tsi, oan de tafel by de klok
de klok rint fiif minuten foar (dat is ek sa)
sjocht der jonger út as ik tocht
hy gappet efkes, rekt him út
syn eachwyt in panorama fan fean, hoop & love
der binne borrelnútsjes, in hoekje puere sûkela, cherrytomaten
middernacht
en ik set wetter op

wapen fan De Feanhoop:
libbensgrut skaakboerd
blauwe loft
de sinne is in klaver

mar leaver as skake of oan fersen wurkje, wol Tsi Tsi graach nei bûten ta
'kom we rinne hielendal nei see, dêr't de dúnbeien groeie, oan de râne
fan de nacht'

ik sjoch op buienradar

yn de loft hinget de tiid stil
Tsi Tsi knipt mei de fingers
en it is drûch

ûlen roppe: it is net wier
it is net wiet
buienradar is fake news!

sille we fia de Feanhoop en dan de slûs, of de oare kant mar út?
Tsi Tsi wit in moaiere rûte, krijt my by de hân en yn it moanneljocht
ferskynt in skulpepaad

lytse kikkerts hippe ús foar de fuotten del, we moatte útsjen

de moanne kleuret de beammen sulver
tusken de stammen sjogge we kanalen
de stjerren reflektarje yn de petten
of binne it giele plommen?

ik draach in boesgroen mei blommen
krekt echte blommen, der sit in hommel op

‘miskien skriuw ik wol in novelle oer dizze tocht’
Tsi Tsi seit, in novelle hoecht net
wy binne dichters
wy meie de saaie stikken fuortlitte

we rinne oeren, miskien de hiele nacht
rinne mei de skonken fan reuzen
lâns monumintale pleatsen
pleatsen mei trampolines op it hiem
Tsi Tsi hipt fan de iene trampoline nei de oare
my kreaket de rêch, mar hy
liket jonger en jonger

springe mei Mac Daddy
springe mei Daddy Mac
springe troch de nacht en troch de romte
springe as is der net in paad werom

*ik lis wekker
op bêd yn de arke mei in ferske yn de earen
‘jump, jump!’*

*it reint
libellen en motflinters besykje troch it finster te tikjen*

*wa hat de lampe oanknipt?
út, slút de gardinen, krûp ûnder de tekkens en lit myn gedachten
de nacht yndriuwe
troch de muorre, nei de sloep dy’t neist de ierde leit
de sloep hjit Foekje (toe Foekje, net sa wibelje, bliuw no lizzen)
en ik roei mysels werom yn sliep,*

sliep, safolle sliep, de ivige sliep, trampolines op it hiem
wat moat ik mei dit liif?
wie ik mar linich as in geast

Tsi Tsi sit op syn knibbels by in kikkert en wachtet my op

hieltyd grutter de romten tusken de pleatsen, ivige leane,
skulpen kreakje
sulver de moanne ûnder ús skuon

oan in hikkedaam bûn stiet in wite bolle
spiersterk, grut en jong, hy wrinzget en skoddet, syn eagen brâne
mar as er âlje sil, de kop achteroer, streamt út syn bek
it lûd fan wylde guozzen

ik sjoch nei Tsi Tsi, hy glimt, wat is er lyts
syn hier wurdt aloan ljochter

‘fierder, dat út, net sa prottelje, tink derom âld man
datst net in minske wurdst dy't is wat er net hat’

de fuotten dogge my sear, mar Tsi Tsi
draaft as is er krekt úteinset

de moanne giet ûnder, de sinne komt op, de sinne giet ûnder,
de moanne, de sinne, de sinne

wat fierder as we komme, wat grutter wurdt de sinne,
wolvesinne ... nachtsinne ... sinneskynnacht

djipread, close up, oranje flammen
as yn slo-mo, wieljend, o sa sleau
we kinne nei har sjen as op in foto:

it oerflak as in hunninskiif, bijekoer yn de romte, swevende hite blom,
bijen bongelje, ûngeduerich, fan stjer nei stjer

we rinne, in wike, in moanne miskien,
wit net hoe lang, hoe fier
Tsi Tsi seit seis en sechstich jier
en dan komme we by de dunen

de klean slobberje him om it liif
hy ferliest in skoech

‘de fokking dunen’
syn stim slacht oer

Tsi Tsi, do ûnstjerlik bern, do fêstlizzer, do iepentearder
do ûnfoltôge, oanboazjend gedicht!
net sa hurd!
we hoege net in skûlplak te finen
de nacht is ús skûlplak
de see wachtet

en we fertrage, rinne sa stadich
dat we de klimmerplanten fan ús skonken triuwe moatte

en út alle hoeken wâlet muzyk op
de Stones op in tsjerke-oargel
de lippen fan Mick Jagger klapperje, se flapperje
en sputterje, se bromme en fibrearje, it rommelet en docht
as brekt de nacht en skuort de loft

Joint Strike Fighters yn formaasje

we krimpe mei de hannen om de earen
oant de delegaasje omkeart en de tiid
weromblaast nei de basis

de tillefoan

*ik sit op in lytse, swart fluwielen bank, yn in stêd, yn it hielal, yn dubio
njonken my dreamt in jonge kat, like donker as bûten de stoarm
it is de muze sels dy't bellet
se hat in min berjocht*

ik hear har stim en knik en aai de kat

ûlen roppe: de dea is fake news
de dea is in leagen
de dea is net wier
de dea is foar skiep!

ûlen roppe: de dea is in grap fan dyn favorite fijân
de hel is yn sêne set!

ûlen roppe: klik op dizze link
en traapje net
yn de propaganda
fan de begraffenisyndústry!

yn Istanbul wennet in frou en dy wol witte
wat as myn katten stjerre
(fiif yn de lêste fjirtjin dagen binne my ûntkaam)
wat is dan it slimste: dat se dea binne of dat ik se misse moat?

de tiid is koart
wa sjocht de gatten yn de simmernacht?

yn it sjongen fan sirenes ferskynt de see

Tsi Tsi op it strân, in lytse jonge
laket as in poppe, brabbelet, as sûget er taal
út de atmosfear en yn him ferdwine
syn earste wurden

hy hat de sinne út de loft pakt
boartet dermei as is it in bal

de reek slacht fan syn earmkes
syn kopke sit fol nevebulten

ik skriuw yn it sân
'oant
hjir
en
net
fierder'

wêr ha ik dit earder fielt?
de tiid is koart

ik skras:

*nacht op de feranda fan de arke
achter de Kraanlannen oer de Wylde Ie
driuwt in boat mei sliepende minsken*

*de molkwei driipt troch de wolken
fuotstappen fan ljocht
kâld as rein
tusken giele plommen*

*ik kin de stjerren oanreitsje
kin se út it tsjuster skeppe*

*yn it wetter fan de petten
liket de himel sa tichtby*

* * *

as de tsjustere matearje
fan de Molkwei
in namme krije moast
soe it dan Poeiermolkewei hjitte meie?

Heawei,

Feanhoop,

Drachten,

Hettema

... hast middernacht
ik fandelje myn gedachten bymeikoar
nim de tiid, nim alle tiid
de klok rint fiif minuten foar